

S T A F

STichting Amateuroaniel Fryslân

Jierferslach

2010

Stichting Amateursoaniel Fryslân

– Ynhâld	2
– Foarwurd	3
– STAF-bestjoer en eareleden	4 en 5
– Punt foar punt	6
– STAF Kriichkommisje	7 en 8
– STAF wurkgroep Oplieding ta karmaster	9
– STAF en slútjûnen, wurkgroepseleksje en prosedueren	10
– Karmasters	11
– Oansletten selskippen	12, 13 en 14
– Prizen toanielkriich 2009/2010	15
– Underskiedings	16
– STAF-kommisje Iepenloft, Jongerein, Rezjy	17
– Kontakten mei oare organisaasjes	18
– Finansjeel ferslach	19



Foarwurd:

It jieroersjoch wer bliken út docht dat der wer in protte bard is yn 2010. Moaie dingen, wichtige saken mar ek mankelike dingen. Tryst is dat ús bestjoerslid Piet Zeilstra ferstoarn is op 15 maaie en karmaster Lolke Krikke op 31 augustus. Dat is fansels troch alles hinne in klap foar de neisten, mar ek in hiele klap foar it amateurtoaniel. Mar dochs, al hoe dreech dat somtiden ek is “the show must go on” en sa is it ek by STAF.

Wichtige saken binne de besúnigings op kultuer. Dat wie faak yn it nijs en op hokker wize sil dat ús provinsje treffe? Wy kinne hjir wol wat mei-inoar fan fine, mar sille der grif net oan ûntkomme!

It bestjoer fan STAF is wol gauris op besite west by toanielferienings yn de provinsje. Oanskowe neame wy dat en dat wurdt o sa op priis steld. Yn in noflike sfear wurde saken útwiksele dy't wichtich binne om fan elkoar te witten.


Fierders wie der ús nije karmastersoplieding. In nije ploech minsken stiet klear om te karmasterjen en hat dat fertsjinne troch it heljen fan it sertifikaat. Dat wie ek Omrop Fryslân net ûntgien en makke dêr in moaie reportaazje oer yn de K-rûte. Sa waard in karmaster yn spee folge mei betûfte karmasters by't skôgjen fan selskip “Op, mar net út de hichte” fan Burdaard.

En sa as hast elts jier it gefal is, ha der ek no wer bestjoerswiksels plakfûn by STAF. Sa mar in taast út in tal saken dy't STAF by de ein hat. Fierderop yn dit oersjoch is alles te lêzen oer wat STAF dit jier allegearre dien hat oan aktiviteiten foar it amateurtoaniel yn Fryslân. It is goed west of faaks net alhiel nei't sin, ik soe sizze pak de tillefoan, as besykje ús prachtige hiemside en lit it ús witte.

*Henk de Glee,
foarsitter*

It STAF-bestjoer yn 2010

- Foarsitter: Henk de Glee
Lippenhúzen
til. 0513 463544
deglee2003@wanadoo.nl
- Skriuwer: mefrou Jildou Hotsma
Grou
til.06-20480158
jildouhotsma@yahoo.com
- Skathâlder: Douwe Hoekstra
Drylts
til.0515 533250/ 06-50865999
D.Hoekstra30@kpnplanet.nl
- Bestjoerslid: Jelle Terwal
Donkerbroek
til.0516 491969
terwal.nicolai@telfort.nl
- Bestjoerslid: Iebe Bouma
Kollum
til. 0511 451482
bouma.enegeneering@zonnet.nl
- Bestjoerslid: mefrou Japke Vries
Ginnum
til.0519 346306/ 06 45005045
mail@japkedevries.nl
- Bestjoerslid: Henk Roskammer
Bûtenpost
til. 0511 453292/ 06-50208087
hroskammer@t-diel.nl
- Bestjoerslid: Wigle Ruiten
StNyk
tel.0513-434383
info@wige-ruiter.nl



Op it mêd fan de administraasje en organisatoaryske útfiering wurdt de STAF bystien troch mefrou Aafje Stolte, wurksum by Keunstwurk yn Ljouwert, til. 058-2343449.

Eareleden fan de STAF:

- | | |
|---------------------|-----------------|
| M.H. Gerbrandy | - Drachten |
| Mefrou G. Frieswijk | - Mildaam |
| P.de Groot | - De Tynje |
| Mefrou T.v.d.Meer | - Easterwierrum |
| Mefrou T. Julianus | - Marsum |
| Mefrou Y. Bouma | - Ljouwert |

Dragers fan de Spjelde fan Fertsjinste:
de hear en mefrou Jan en Akke Calsbeek- Akkrum

Bestjoersleden

Op 15 maaie 2010 is Piet Zeilstra ferstoarn. It Staf-bestjoer hat yn him in kundich en belútsen bestjoerder ferlern. Piet Zeilstra hie fan 1 jannewaris 2001 ôf in sit yn 't bestjoer en hat jierren skriuwer west.

It STAF-bestjoer hat yn 'e rin fan it jier twa nije bestjoersleden oanstelle kind. Mei yngong fan 23 juny 2010 is Henk Roskammer fan Bûtenpost beneamd ta bestjoerslid. Henk hâldt hm dwaande mei it jongereintoaniel. Henk is yn 't plak kaam fan Andrea Kroes dy't nei rom twa terminen fan trije jier ôfskie nommen hat fan it bestjoer. Mei yngong fan 3 novimber 2010 is Jildou Hotsma fan Grou beneamd ta bestjoerslid. Jildou hat it skriuwerskip op har naam. It bestjoer is noch op siik nei mear kandidaten.

Memoriam

Piet Zeilstra Bestjoer STAF 1 jannewaris 2001- 15 maaie 2010

Piet hat ferskate rollen spile en in hiel soad betsjutten foar it amateurtoaniel yn Fryslân. Piet spile toaniel, regisseur, wie bestjoerder en yn alle rollen wie der altyd himsels. Alles gie him o sa noflik ôf en dat strielde ek ôf op de minsken om him hinne. Al dizze toaniel-aktiviteiten die Piet graach. Piet wie de skriuwer fan STAF, lid fan it IFAT bestjoer, siet yn it Kolleezje fan Advys en wie ûnder mear it stjoer fan de nijsbrief, de regio- en slútjûnen en de STAF toanielpriis. Piet hat ek in protte war dien om de iepenloftselkippen ûnder te bringen by STAF en dat is him úteinlik slagge. Wy wienen befoarrjochte om mei Piet gear te wurkjen en him kind te hawwen as persoan. Mei syn kennis, waarmte en ynnimlike persoanlikheid joech hy kwaliteit, kleur en fleur oan ús bestjoer en dêr binne wy Piet o sa tankber foar.



Punt foar punt

STAF-toanielpriis

De STAF hat in 3 jierige priis yn it libben roppen. Alle by de STAF oansletten selskippen kinne dêr oan meidwaan. De priis is ornearre foar it selskip, dat sjen litten hat, dat it fan mear as gewoane betsjutting is foar it toaniel yn al syn foarmen, en wol yn dy mjitte, dat mei troch syn krewearjen it toaniel yn it plak of de krite wêr't it selskip woartele is, libbet as in hert. De 1ste toanielpriis is útrikt op 14 novimber 2009. Yn 2012 kin op 'e nij meidien wurde oan de STAF-toanielpriis. Neiere oankundigings folgje.

Regiojûn.

Yn 2010 is der gjin regiojûn hâlden.

STAF-Nijsbrief

De STAF-Nijsbrief is 3 kear útkaam yn 2010. De Nijsbrief wurdt sawol op papier ferstjoerd as digitaal. In protte selskippen stjoere de digitale Nijsbrief fuortendaliks troch oan harren leden. Dêrmei wurdt in grutte kring fan lêzers berikt. De Nijsbrief jout ynformaasje oer alles wêr't STAF him mei dwaande hâldt en oare foar toanielselskippen en toanielminsken nijsgjirrige saken. Dêrneist jout Stuf ynformaasje oer nije stikken, dy't yn de STAF-Nijsbrief opnommen wurdt.

Webside www.staf-fryslan.nl

De webside is sûnt syn ûntstean sa'n 15.984 kear besocht. Dat is sa'n 10 besikers deis. Fan prikboerd, foarum, chatten en toanielmerk wurdt neffens de webmaster hast gjin gebrûk makke.

De digitale formulieren wurde in protte brûkt, digitaal ynfold en ferstjoerd of downloaden en oer de post ferstjoerd.

Benammen minsken bûten STAF en de by de STAF oansletten selskippen witte ús fia de webside mei alderhande fragen te berikken.



De Kommissjes fan de STAF

A. De Kriichkommisje

De STAF-Kriichkommisje bestie yn 2010 út:

Jelle Terwal	- STAF-bestjoerslid
Siebren Mook	- oant 1 oktober
Geert Louwes	- foarsitter (fan 1 oktober ôf)
Margriet Jorna	- skriuwer
Sietske Dijkstra	- (fan 1 oktober ôf)
Anneke de Vries	- (fan 1 oktober ôf)
Akke Miedema	- Kriichkoördinator (fan juny ôf) gjin stimrjocht yn Kriichkommisje

Yn it ferslachjier hat de Kriichkommisje njoggen gearkomsten belein om de Toanielkriich goed ferrinne te litten. Ek waard der op 29 april 2010 in karmasterslútjûn organisearre om mei de belutsenen it toanielwinterskoft 2009-2010 ôf te sluten en oer te eidzjen.

Om de betûftens fan de karmaster skerp te hâlden waard yn oktober 2010 troch de Kriichkommisje mei help fan selskip 'Op Nij Foriene' út Oerterp in saneamde B-kursus belein. Tema 's wienen: It puntsjen fan in stik, it ynterpretearjen fan beoardielingsaspekten en de kommunikaasje mei it selskip.



De STAF-Kriichkommisje en saakkundige Luuk Eisema fan FRATS

Yn it winterskoft fan 2009-2010 moasten troch ûnfoarsjoene omstannichheden 3 selskippen ôfheakje. Alle selskippen dy 't dat oanfrege hienen hawwe ûntheffing krigen. De Kriichkommisje behannelt dizze oanfragen yn har gearkomsten en komt ta in ienriedich beslút dat ek kenber makke wurdt oan de selskippen.

Oangeande de kriich is der net ien klacht by it bestjoer yntsjinne.

De gong fan saken oangeande de Toanielkriich stiet omskreaun yn it reglemint foar de jierlikse Toanielkriich fan STAF. De Kriichkommisje sil it reglemint op har aktualiteit skôgje en wêr nedich oanpasse.

De deistige gong fan saken oangeande de Kriich waard oant july 2010 troch Aafje Stolte ynfold yn har funksje fan administratyf meiwurker fan de STAF. Yn it winterskoft 2010-2011 hat Akke Miedema dizze taken oernommen yn de funksje fan tydlik Kriichkoördinator.

Memoriam

Lolke Krikke

Ferstoarn op 31 augustus 2010

Lolke Krikke hat jierrenlang foar STAF karmastere. STAF ferliest yn him in betûft karmaster. Yn 't foarwurd fan de foarsitter is dat ek al oanjûn. It ferstjerren fan Lolke is in ferlies foar de amateurtoanielwrâld. Wy winskje al syn neibesteanden sterkte ta mei't ferwurkjen fan it ferlies fan Lolke.

STAF-wurkgroep Oplieding ta Karmaster



Ut it ûndersyk nei de Kriichdielname, dat yn 2008 troch de Kriichkommisje útfierd is; en oare dokuminten die bliken dat de selskippen muoite hawwe mei de kommunikaasje tusken karmasters en selskip. Boppedat is de kundichheid fan de karmaster net altiten wat hjoeddeis wol fan harren ferwachte en frege wurdt. Dit hat te krijen mei it omheech geande nivo fan beëfening fan amateurtoaniel yn Fryslân. STAF hie yn 2007 in wurkgroep beneamd.


De wurkgroep hie as gearstalling :

- Akke Miedema, karmaster
- Siebren Mook, karmaster en lid Kriichkommisje
- Jelle Terwal, bestjoerslid en lid Kriichkommisje
- Japke de Vries, bestjoerslid

It beliedsplan Oplieding ta karmaster STAF 2009 is fêststeld troch it bestjoer fan STAF yn de gearkomste fan febrewaris 2009. De einferantwurdlikens foar de útfiering fan dit beliedsplan lei by de Kriichkommisje fan STAF.

Yn jannewaris 2009 waard begûn mei de oplieding ta STAF-karmaster nije styl. Der hienen har yn totaal achttjin kandidaten fia ferskate media by STAF opjûn. In moai oantal foar it úteinsetten mei in nije oplieding. Yn maart 2010 binne der oan sân kandidaten sertifikaten útrikt. Yn it winterskoft 2010-2011 binne dizze karmasters úteinset mei it skôgjen en beoardieljen fan foarstellings yn de Toanielkriich.

Yn it beliedsplan waard troch de wurkgroep in oanbefelling dien om nije ûntjouwingen yn it amateurteater yn Fryslân ris te skôgjen en te ûndersykjen oft dizze ûnderdielen in ûnderdiel fan STAF foarmje kinne. It STAF bestjoer hat foar de Kriichkommisje in opdracht formulearre om ien en oar út te wurkjen. De presintaasje hat plakfûn yn de STAF-bestjoersgearkomste fan augustus 2010. In part fan de opdracht sil troch it STAF-bestjoer fierder oppakt wurde en mooglik útwurke wurde yn nij belied, foar safier mooglik binnen de kêsten fan STAF.



STAF en slútjûnen, wurkgroep Seleksje en de proseduere

De leden fan de wurkgroep Seleksje yn it winterskoft 2009-2010 wienen :

- ❖ saakkundigen : Willem van Calsbeek (foarsitter)
Mirjam van Baarsen of Rieneke de Haan
- ❖ fan de selskippen : Sylvia Beintema fan it Huzumer Toaniel yn Ljouwert
Akke Miedema fan Kritetoaniel út Grou
- ❖ foar it bestjoer STAF : Jelle Terwal

Der hienen har foar fersoarging fan de slútjûnen 9 selskippen opjûn om oan de seleksje mei te dwaan.

De kandidaten wienen :


- | | | |
|---------------------|----|----------------------|
| • Kritetoaniel | út | Bûtenpost |
| • Mei Inoar Ien | út | Drachtster Kompenije |
| • Kliuwend Omheech | út | Nij Beets |
| • Op Nij Foriene | út | Oerterp |
| • Nut en Genoegen | út | Tsjom |
| • Mei Nije Moed | út | Sumar |
| • Op 'e Nij Bigoun | út | Aldegea |
| • Teater Snits | út | Snits |
| • Rjucht en Sljucht | út | De Tynje |

De wurkgroep Seleksje hat, lykas as elts jier serieuus wurk makke fan har wichtige taak. Mei help fan fêststelde kritearia en de ynbring fan profesjonele belutsenen advisearre de wurkgroep it bestjoer fan STAF om Teater Snits út Snits nei de Lawei komme te litten. En sa gie it.

De beide slútjûnen wienen op freed 16 en sneon 17 april 2010. "Cloaca" waard spile ûnder rezjy fan Dirk de Vries. It selskip krige fan STAF de oanmoedigingspriis fan € 1000,-.

It wie tige spitich dat der net mear selskippen harren produksje opfiere koene, want der sieten wol mear geskikte foarstellings by om yn de Lawei foar in breed publyk te spyljen. Yn it hjoeddeiske reglemint wurdt mear as ien foarstelling net tastien. It bestjoer hat yn it beliedsplan opnommen, dat de kritearia foar fersoarging fan de slútjûnen ris goed besjoen wurdt.

Sûnt septimber 2010 is der in wurkgroep Slútjûn yn it libben roppen. Dêryn hawwe in sit: STAF-bestjoerders Henk de Glee, Iebe Bouma en Jelle Terwal en saakkundige Mirjam van Baarsen út Hitsum.



De karmasters beskikber yn 2010 wienen:


Bauwina Dalstra
Jan Dijkstra
Joke Brandsma
Jetze Dijkstra
Fetsje Feenstra
Els Fongers – Albertsma
Janneke Grijpma
Sjoukje Hoekstra
Aan de Jong
Pyt de Jong
Lieuwe v/d Meer
Siebren Mook
Anne Nicolai
Anne v. Oosten
Saapke Osinga
Theun Ram
Binne Reitsma
Wigle Ruiters
Wobbe Scheeringa
Sjoukje Scheeringa
Doede Schilstra
Ger Sterk
Antonia Veldhuis
Japke de Vries

Reserve

Wimpy de Vries

Yn it winterskoft kamen hjir de nije karmasters by:

Gisela Schadenberg
Nynke Eringa
Clary Leegstra
Anneke de Vries
Hester Witteveen
Gurbe Dijkstra
Stienie Meijer
Tine Dijkstra



Oansletten selskippen:

Ein desimber 2010 telde de STAF 147 selskippen. Yn 2010 hawwe de selskippen Jongerein toaniel "Kom mar op" fan de Harkema en Dito fan Tsjalbert harren oansletten by STAF. Understead it alfabetysk oersjoch op plaknamme:

- | | |
|------------------------|------------------------------|
| 1. ACHLUM | Nije Krêft |
| 2. AKKRUM | It Akkrumer Toaniel |
| 3. ALDEBOARN | Boarnster Kritetoaniel |
| 4. ALDEGEA (SM) | Op'e Nij Bigoun |
| 5. ALDEGEA (Súdwest F) | Sin en Wille |
| 6. ARUM | Frysk Selskip |
| 7. BAKHUZEN | Sint Martinus |
| 8. BAKKEFEAN | Nij Begjin |
| 9. BALK | De Swalkers |
| 10. BANTEGEA | Op Nij Feriene |
| 11. BEETSTERSWEACH | Fryske Krite De Sweach |
| 12. BERLTSUM | Elts Syn Rol |
| 13. BITGUMMOLE | Mei nocht en ynset |
| 14. BLAUHUS | Wy doarre wer |
| 15. BOALSERT | De Blaue Toer |
| 16. BOALSERT | Krite Toaniel |
| 17. BOAZUM | Harmonie |
| 18. BOKSUM | De Stringpratere |
| 19. BRITSWERT/WIUWERT | De Vriendenkring |
| 20. BROEKSTERWALD | It Moat Kinne |
| 21. BURDAARD | Op, mar net út'e hichte |
| 22. BURCHWERT | Nij Libben |
| 23. BURGUM | Burgum |
| 24. BUTENPOST | Krite Toaniel |
| 25. DAMWALD | Hjir binne wy dan |
| 26. DE GERDYK | Ienfâld en Freonskip |
| 27. DE HARKEMA | Harkje Mar |
| 28. DE HARKEMA | Jongerein toaniel Kom mar op |
| 29. DE HIMRIK | De Harmonie |
| 30. DE HOMMERTS | De Spegel |
| 31. DE JOUWER | It Vlecketoaniel |
| 32. DE JOUWER | Kritetoaniel I |
| 33. DE JOUWER | Kritetoaniel II |
| 34. DE PEIN | Violeria |
| 35. DE ROTTEFALLE | De Rottefalle |
| 36. DE TIKE | De Tykster Toanielploech |
| 37. DE TYNJE | Rjucht en Sljucht I |
| 38. DE TYNJE | Rjucht en Sljucht II |
| 39. DEINUM | It Klaverblêd |
| 40. DOANJUM | It Wouterke |

41. DOKKUM	It Fryslân Teater
42. DOKKUM	Kritetoaniel
43. DONKERBROEK	Spilersnocht
44. DRACHTEN	De Folgeren
45. DRACHTEN	De Lytse Komeedzje
46. DRACHTEN	Meiinoar Ien
47. DRACHTEN	Us Nocht
48. DRACHSTER KOMPENIJE	Mei-inoar Ien
49. DROEGEHAM	Mei fleur en faesje
50. DRONRYP	Hâld Moed
51. DRONRYP	Rederikerskeamer Demosthenes
52. DRYLTS	Probe
53. DRYLTS	Meiinoar Ien
54. EASTERBIERRUM	Ferdivedaasje
55. EASTEREIN (LITT.)	Fuort mar los
56. EASTERLITTENS	Nut en Genoegen
57. EASTHIM	Op triljende skonken
58. EKSMOARRE	Nij Begjin
59. FEANWALDEN	De Vriendenkring
60. FOLLEGEA/JISTERGEA	Op Nij Feriene
61. FOLSGEARE	Foar de Wyn
62. GARYP	Lytse Krêft
63. GROU	Kritetoaniel
64. GYTSJERK	Sabeare
65. HARTWERT	Hartwert
66. HAULERWYK	Frysk en Frij
67. HILAARD	Hilaardich
68. HIMPENS	Oefening Kweekt Kunst
69. HOUTIGEHAGE	Wâldspul
70. HURDEGARYP	Tesselschade
71. IDAERD	Vriendenkring
72. INGELUM	Nieuw Leven
73. ITENS	Nim is sa't is
74. JELLUM/BEARS	Nij libben
75. JELSUM	Vriendenkring
76. JIRNSUM	2 & 2
77. JIRNSUM	De Middelhikke
78. JISTRUM	De Snieskeppers
79. JOBBEGEA	Fleurich Fierder
80. JOBBEGEA	It Heideblomke
81. JONKERSLAN	It Freonetal
82. JORWERT	De Harmonie
83. KETLIK/MILDAAM	De Twa Doarpen
84. KOATSTERTILLE	Nij Begjin
85. LANGSWEAGEN	Nut en Genoegen
86. LEKKUM	De Trije Doarpen
87. LJOUWERT	It Humzumer Toaniel
88. LJOUWERT	Sater
89. LUKSWALD	De Vriendenkring
90. MAKKUM	Doarpskrite
91. MANTGUM	Frisia 1874
92. MARRUM	Marrum
93. MARSSUM	OKK
94. MENAAM	Alles hat syn útfallen
95. MENAAM	Menaam
96. MINNERTSGEA	Yn in oare wrâld

97.NIJ BEETS	Kliuwend Omheech
98.NIJHOARNE	De Maertebloem
99.NYEGEA	Nij Begjin
100.OERTERP	Op Nij Foriene
101.OPSTERLAN	Toneelfederatie Opsterlân
102.OUSTERHAULE	De Lytse Mienskip
103.PEINS	Nij Libben
104.POPPENWIER	Foarút
105.RAERD	Nije Moed
106.REDUZUM	ROTO
107.RIE	Willem van Haren
108.ROTTUM	Doarpsrounte
109.RYPTSJERK	Wy doarre wer
110.SEISBIERRUM	Ons Genoegen
111.SIBRANDABUORREN	De Twa Doarpen
112.SKEARNEGOUTUM	It Pompeblêd
113.SNITS	Teater Snits
114.SONDEL	It Begjin
115.SPANNUM	De Nijjochters
116.ST.JANSGEA	De Reidkraach
117.ST.NYK	St.TS Sint Nyk
118.STIENS	De Plankewrotters
119.STIENS	Rederikerskeamer Halbertsma
120.STYNSGEA	Jounswille
121.SUMAR	Mei Nije Moed
122.SURHUSTERFEAN	De Trochsetters
123.SUWALD	Kom mar op
124.TERHERNE	Terhernster Toaniel
125.TERWISPEL	Sizze en Dwaan
126.TOPPENHUZEN	Ferdivedaasje
127.TSJALBERT	Dito
128.TSJOM	Nut en Genoegen
129.TSJUMMEARUM	Onno Zwier
130.VEGELINGSOARD	Freonskip
131.WARTEN	Warten
132.WASKEMAR	De Wâldploech
133.WEIDUM	Oefening en Vermaak
134.WERGEA	Halbertsma
135.WIER	Oefening en Vermaak
136.WYNS	Al dwaende leart men
137.WIKEL	Bargebeck
138.WINAAM	Doarpslibben
139.WINSUM (FRL)	Advendo
140.WURDUM	Nut en Nocht
141.WOLVEGEA	Oer 'e Tsjonger
142.WOMMELS	Wommels
143.WYTGAARD	Lyts mar Krigel
144.WYTMARSUM	Fryske Krite
145.WYTMARSUM	Surprise
146.YCHTENBREGE	Ychtenbrêge
147.YSBRECHTUM	't Is sa't Falt



Prizen Toanielkriich 2009 – 2010

Eareklasse	<ol style="list-style-type: none">1. Op Nij Feriene, Bantegea Wat in teater2. Lyts Mar Krigel, Wytgaard Veronica har Keamer2. Vriendenkring, Fearwâlden Op bleate fuotten
Klasse by Utstek	<ol style="list-style-type: none">1. OKK, Marsum Joint Striker Fighter2. TS Menaam, Menaam Brutsen Iis
Earste Klasse	<ol style="list-style-type: none">1. ROTO, Reduzum Flatsoadsje2. De Stringpraters, Reduzum Och heden heit
Twadde Klasse	<ol style="list-style-type: none">1. Boarnster Kritetoaniel Fûgels2. De Folgeren, Drachten Famylje Bruinsma yn de bocht
Tredde Klasse	<ol style="list-style-type: none">1. Ferdivedaasje, Top en Twel De Trije Einepiken2. Sizze en dwaan, Terwispel Moard op Fersyk



Underskiedings

Yn 2010 binne de ûndersteande persoanen troch in bestjoerslid fan STAF ûnderskieden mei de sulveren STAF-spjelde:

Jeltsje de Boer
Astrid Croes
Freerk Kuipers
Albert Gjaltema
Alie Bruins Slot- Dillema
Rudi Hoekstra
Titus Hettinga
Epke Zonderland
Froukje de Haan
Rein Glashouwer
Tonny Glashouwer
Harm Lageveen
Aukje Steenman

Nij Begjin, Nyegea.
Vriendenkring, Feanwâlden
Jounswile, Stynsgea
Jounswille, Stynsgea
Jounswille, Stynsgea
Lyts Mar Krigel, Wytgaard
Lyts Mar Krigel, Wytgaard
De Lytse Mienskip, Ousterhaule
De Lytse Mienskip, Ousterhaule
St. Martinus, Bakhúzen
St. Martinus, Bakhúzen
Meiinoar Ien, Drylts
Fryske Krite, De Jouwer

De gouden STAF-spjelde is útrikt oan:

Cobie van Dijk
Roel Klijnstra
Froukje Keimpema
Jacob Zaagemans
Foppe de Vries
Hendrikje de Haan- Schippers

Ienfâld en Freonskip, De Gordyk
Ienfâld en Freonskip, De Gordyk
Ienfâld en Freonskip, De Gordyk
Fryske Krite, Wytmarsum
Fryske Krite, Bûtenpost
Rjucht en Sljucht, De Tynje



De neifolgjende selskippen, dy't yn 2010 in jubileum fierd ha, en it STAF-bestjoer dêrfan kundskip dien ha, binne troch in ôffurdiging fan STAF-bestjoer besocht en huldige:

Nij Libben, Peins	75 jier
Vriendenkring, Jelsum-Koarnjum-Britsum	150 jier
De Harmonie Boazum	125 jier

Iepenloft

STAF-kommisje Iepenloftspullen

De kommisse bestiet út:

Henk de Glee
Tseard v.d. Hem
Bernardus Smits
Kor Konstapel
Hilde Mulder

STAF-bestjoer
Berne-Iepenloft
Dronryp
Opsterlân
Jorwert

Jierliks wurdt der in mienskiplike folder en in poster ferspraat.

Jongerein

De jongereintateardei is fersoarge yn Het Huis voor de amateurkunst yn Ljouwert. It wie wer in tige slagge dei. Sa'n 60 jongereinspilars ha meidien oan in tal workshops en presintaasjes. Mei de hiele groep is in foarstelling yn 'e Harmonie bywenne.



Yn 2010 hawwe wer ferskate jongereinselskippen in berop dien op de subsydzjepot dy't STAF hjirfoar beskikber hat. Oer it gehiel nommen bliuwt it tal selskippen dat hjir gebrûk fan makket wakker gelyk.

Oan it ein fan't toanielseizoen 2009/2010 hat der yn 't STAF bestjoer in wiksening plak fûn oangeande de portefúlje Jongereintoaniel. Troch Andrea Kroes, dy't harren hjir in grut tal jierren tige foar ynset hat, is it beslút naam om har bestjoersfunksje del te lizzen. It plak fan Andrea is ynommen troch Henk Roskammer. Ut namme fan't jongereintoaniel yn Fryslân is in wurd fan tank oan Andrea dan ek op syn plak.



Rezjy

It ôfrûne jier is frijwat stil west rûn de STAF-kommisje regisseurs. Dat kaam benammen troch tal fan oare aktiviteiten binnen it STAF-bestjoer. Dêrtroch sakke skynber op it regisseursfront de aktiviteit. Dochs is er wol in soad bart yn dizze kommisse. Sa hat der yntern it nedige oerlis west mei in tal minsken oer hoe't in regiojûn foarm jûn wurde kin dy't oansprekt by de regisseurs.

Dêrnjonken wurdt der wurke oan in opset fan in regisseursfoarum op de hiemside. As dy hiemside der komt kinne de regisseurs mei-inoar diskusjearje (of oerlizze) oer tal fan saken dy't ferbân hâlde mei de rezjy. De regisseurslist op de hiemside fan STAF is oanpast. Troch dizze oanpassing wurde de selskippen tenei noch better ynformearre oer de beskikberens fan de regisseurs. Sa't yn 2009 al bliken die, liket it better om de regisseurs -regiojûn minder faak te hâlden. Dat hat der ta laad dat der yn 2010 net sa'n jûn west is. It is de bedoeling om yn 2011 wer ris sa'n gearkomste op preammen te setten, sadat ús regisseurs inoar dan wer op in gemoedlike wize treffe kinne en de ervarings útwikselje kinne.

Kontakten mei oare organisaasjes



IFAT

IFAT stiet foar it Fryske Amateur Toaniel en is it oerkoepeljende orgaan foar Frysktalich amateurtoaniel yn Nederlân mei lanlike subsydzje. IFAT hat ta doel it fuortsterken fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs. IFAT stribbet har doel nei troch it stypjen fan toanielkrigen, karmasterskursussen, stúdzjebienkomsten, kursussen rezjy, ljocht en lûd en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal. Under de koepel fan IFAT falle: *Selskip foar Fryske Tael en Skriftkennisse* (taalbefoarding en foarlêsprojekten), *Fryske Boun om Utens* (Fryske Krite bûten Fryslân), *STAF* (Stichting Amateur Toaniel Fryslân). STAF is mei twa sitten fertsjinwurdige yn IFAT. It wurkfjild fan IFAT is ferspraat oer Nederlân.



FRATS


FRATS stiet foar Fryske Amateur Teaterskoalle en is in ûnderdiel fan de Stichting Keunstwurk. Under Keunstwurk falle de dissiplines *Muzyk, Dûns en Teater*. STAF hat in soad te krijen mei Frats, omdat it in organisaasje is fan professionals dy't opliedingen fersoarget, advisearret en produsearret op it mêd fan amateurtoaniel yn Fryslân. Mei FRATS fynt oerlis en ôfstimming plak oer aktiviteiten, ferlet en ûntjouwings. Dêrneist wurdt der gearwurke mei FRATS, wêrby de klam en dit jier wer lei op jongereinaktiviteiten.

Kolleezje fan advys

Yn dit kolleezje hawwe fiif toanielorganisaasjes in sit:

- FRATS (*Fryske Amateur Teaterskoalle*)
- StUFT (*Stichting Utjouwerij Frysk Toaniel*)
- IFAT (*It Frysk Amateur Toaniel*)
- TRYATER (*Frysk berops teaterselskip*)
- STAF (*Stichting Amateurtoaniel Fryslân*)
-

It kolleezje fan advys is in klankboerd foar FRATS en hat in advisearjende rol op it mêd fan amateurtoaniel yn Fryslân. Oer en wer fynt ôfstimming plak op elkoars wurkfjilden en wurde der mienskiplike belangen behertige by provinsje, gemeenten en Keunstwurk. Fierders is der regelmjittich oerlis en ynformaasje útwikseling.



Jierrekken 2010

De sifers oer 2010 binne:

Utjeften	2010	2009
Bestjoerskosten	3.633	3.708
Organisaasjekosten	2.036	3.962
Kommunikaasjekosten	901	4.360
Aktiviteitskosten	35.038	48.309
Totaal	41.608	60.339
Ynkomsten	2010	2009
Aktiviteiten	19.237	17.949
Algemien	29.590	30.561
Totaal	48.826	48.510
Oerskot/Tekoart	+ 7.218	- 11.829

Taljochting:

De rekken 2010 slút mei in posityf saldo fan € 7.218,00. It eigen fermogen komt dêrmei wer op in bedrach fan € 13.120,00. It is de bedoeling dat eigen fermogen yn 2011 en 2012 te brûken foar it ferfolch op de karmastersoplieding en de STAF-toanielpriis yn 2012. Yn septimber 2011 set it ferfolch op de karmastersoplieding útein.

Oangeande de útjeften kin opmurken wurde, dat by alle posten sprake is fan in ûnderskrieding. It is goed te konstatarejen, dat oangeande de útjeften de finger goed oan de pols hâlden is om oerskriedings te foaren te kommen.

Foar de jierren nei 2011 moat der rekken hâlden wurde mei in koarting fan 10% fan de kant fan de provinsje.